



Doarpskrante **Linepraat**

Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum

- **Op 'e kofje by Boele en Inge**
- **Eagumer grûn**
- **Roaring twenties yn Reduzum**



Septimber 2023

Kolofon

De Linepraat is de doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum, ferskynt 11 kear yn 't jier op 'e leste tongersdei fan de moanne, útsein yn july. Oplage: 590 eksimplaren

Kopy kin oanlevere wurde fia linepraat@gmail.com yn Word lettertype Verdana 9. Tekst NET oanlevere yn pdf.

Redaksje: Henk Korf, Sietie Boersma, Geesje Oosterloo, Titia Tilma, Jantsje Kalsbeek, Janet Wijnstra en Dirk Vermeulen.

Korreksje: Gerrie de Leeuw

Printwurk: Theo v.d. Woud en Renus von Bannisseth

Oare Meiwurkers: Tsjikke Boonstra, Alie Fennema, Loekie Renia, Zus Tiesema, Thyske Oosterhof, Boukje Zijlstra, Annet de Vries, Minke v.d. Haak, Klaasje Sikkema en Geeske Smorenburg.

Leden: Alle ferienings út de doarpen kinne lid wurde. Hja betelje in fêste bydrage en kinne dan fergees eltse moanne harren teksten oanlevere.

Advertinsjes: Advertinsje kosten krije jo op oanfraach. In advertinsje perioade rint meastentiids fan augustus o/m juny. Tuskeentiids pleatse of feroarje is wol mooglik. **In frijwillige bydrage is altyd wolkom op bankrekken nr. NL12 RABO 0356252612** Ynwenners fan de fjouwer doarpen krije de Linepraat fergees, omdat eltse ynwenner lid is fan in feriening. De 'post-adressen' betelje € 30 yn 't jier.

Hawwe jo net in Linepraat krigen, nim dan kontakt op mei Geeske Smorenburg til.602164

By kopy dy't te let binnen komt jouwe wy net de garânsje dat it pleatst wurdt. De redaksje mei kopy wegerje en ynkoartsje en is net oanspraaklik foar de ynhâld. Oankundigingen en oare kopij wurdt mar ien kear pleatst, útsein de ferslaggen fan jiergearkomsten.

Yn dizze Linepraat

Foarwurd / Gedicht	3
Aginda /Ald papier	4
Op 'e kofje by	5-6
Eagumer grûn	7
Merke yn Reduzum	9
Doarpsbarbecue yn Idaerd	10
Kort nieuws	11-15
Versmarkt	16
De dierenarts vertelt	17
High tea	18
Vissen	19
It stikje fan Koos	21
Trije Doarpen Skoalle	23
Puzzel	24
Idaerd yn de jierren '90	25
Kerk	27-29
Zonnepanelen	31
Merke yn Friens	33
De Bistedokter	35
Doarspmûne	37
Muzuder Iepen Loft Festival	38-39
Gymnastiek	41-43
Keatsen	45-47
Korfbal	48-49
Terpvolleybaltoernooi	51
Wisten jo, dat... / meidielingen	52

Word 'vriend van Linepraat'!

U ontvangt sinds jaar en dag deze dorpskrant elke maand **gratis** in de bus. Door oplopende kosten wordt dat steeds lastiger. U kunt ons helpen door nevenstaande QR-code te scannen en daarmee een **vrijwillige bijdrage van €5,-** over te maken. Bij voorbaat hartelijk dank!



Foto foarblêd: It Follybal toernoai op 'e Terp.
(Foto: Dirk Vermeulen)

FREULE

Sturtsje, petsje, lange skonken.
fljocht it famke oer it fjild.
Read en wyt. Blokje rinne.

Mesyk op 't lân. Dêr yn 'e hoeke
toetert it korps syn swingend lûd.
"Those were the days."

Karmaster op 'e line.
Stôk derby en wize. Dêr leit er. Dêr.
Hy is foarby. Of net?

Boppen. Foar. Kwea.
Pet oer de eagen. Sinne.
It folk jûchheid.

Tillegraaf. Spul gelyk.
Krekt deryn en "fliegend" út.
Alles oan de hang. Stil!

Stêd en lân.
Bern en grutten.
Feint en faam.
Heit en mem
Ek pake en beppe.
Allegear.
Mei elkoar.

Allegear en do dêrtusken.
Do....
Se sjogge allegearre.
Spannend.

Ien dei yn 't jier.
Flagge op 'e toer.
Do dochst ek mei
Freule. Fleur Feest!

P. augustus '23

Fakânsje

In pear wike net yn je eigen hûs wêze. De
deistige dingen net dwaan kinne. Thús bliuwe
betsjut ommers dat der altyd wol wat yn of
om it hûs dien wurde moat.

Fakânsje is ek: op de wrâld om je hinne sjen.
In stikje oare natoer, oare gewoantes
opdwaan, efkes langer slûchje, je eigen wrâld
fergrutsje.

Mar thúskomme is wer in hiele oare saak.
Hawwe jimme al heard fan dat ûngemak
fan.....? Of: der hat immen in pear kear by
jimme oan de doar west.... Jim tún stie der
moai foar, doe' t jim fuortgongen mar it hat
hjir al dy tiid slim drûch west en dan
fersuteret je de boel gau ! Mei oare wurden,
do moast wer oan it wurk. O ja, en de
blommen yn it finsterbank, dêr meie wol
nijen foar komme, dy hingje der sa slop bij...

It grutte nijs is hjoeddedei oeral te folgjen fia
ynternet. It regionale nijs fan Omrop Fryslân
is yn Súd Frankryk krekt like helder te
belústerjen as thús. En op ús eigen
Reduzum.com kinst alle oeren fan de dei dyn
doarpsnijs fine.

Mar de praatsjes mei de buurman lizze in
skoftke stil. Dy hat ek fakânsje.

Henk

Aginda



1	sep	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
1	sep	Merke	Ringrijden Haedstrjitte 18:30
1	sep	Merke	Buiten bij Café de Welp Muziek 20:00 Highway 54
1	sep	Merke	Café de Welp 22:30 Muziek "Fly on the Wall"
2	sep	Kerk	Tsjerkepaad 13:30-17:00
2	sep	Merke keatsen	Sêfte bal partij 13:00
3	sep	Merke keatsen	Haadklasse froulju en 1e klasse KNKB manlju 10:00
3	sep	Merke	
4	sep	Merke	
5	sep	Skoalle	Feestelijke 1 ^e schooldag en kennismaking nieuwe directeur
8	sep	Teatsen	Oefen jûn Teatsen Sportfjild 19:30
9	sep	Keatsen	Frije Federaasje partij 13:00
9	sep	Kerk	Tsjerkepaad 13:30-17:00
10	sep	Kerk	Reduzum 09:30 Mevr. E. Groeneveld
10	sep	Namasté	High Tea, Titia Tilma, Grietje en Hillie Bergsma 15-17 uur tuin Titia
11	sep	Vrouwen v Nu	Fyts klup 13:00 by De Welp
11	sep	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije Ynrin foarôf)
12	sep	Koffiedrinken	Lokaal achter de kerk 10:00
15	sep	Vrouwen v Nu	Presentatie activiteiten nieuwe seizoen
17	sep	Teatsen	Teatsen 10:45
23	sep	Vrouwen v Nu	Muzyk middei It lokaal
24	sep	Kerk	Reduzum 09:30 Ds. U. Tjallingii (Avondmaal)
29	sep	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
6	okt	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
8	okt	Kerk	Reduzum 09:30 Irene de Vries
9	okt	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
12	okt	DB Reduzum	Werkgroepen bijeenkomst Duurzaamheid
22	okt	Kerk	Reduzum 09:30 Ds. J. van Doorn
5	nov	Kerk	Idaerd 11:00 Ds. S. Grijpstra
12	nov	Kerk	Reduzum 09:30 Pastor C. Bos
13	nov	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
26	nov	Kerk	Reduzum 09:30 Pastor C. Bos
10	dec	Kerk	Reduzum 09:30 Mevr. E. Groeneveld (2 ^e Advent)
11	dec	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
24	dec	Kerk	Reduzum 22:00 (Kerstavond)
31	dec	Kerk	Reduzum 19:30 (Oudjaarsavond)

Kopij Linepraat

Linepraat:	Uiterste inleverdatum kopij:	Verschijningsdatum:
Oktober	20 sep tot 12:00 uur	28 september
November	18 okt tot 12:00 uur	26 oktober (+ bewaarkrant)
December	22 nov tot 12:00 uur	30 november

Ald papier

	Idaerd	Friens	Reduzum		
2023					Reserve
13 sep	Lolke	K. Kamstra	S. Fennema	Jan Bergsma	J. Dijkstra
11 okt	Klaas de V.	R. v.d. Meulen	P. Roorda	K. Hof	E. Wapstra
08 nov	Joop	T. Tigchelaar	A. Mulder	S. van Balen	S. de Schiffart

Op 'e kofje by Boele en Inge yn Idaerd

Yn Idaerd wurdt op de Friesmawei de lêste tiid omraak (fer)boud; op nûmer 39 stiet nei hast 2 jier in hiel nij hûs en binne Boele en Inge en de bern fan achter nei foaren ferhuze.

Yn 'e fakânsje ha we op in jûn by harren op 'e kofje west en nei in rûnlieding troch it hûs, even bypraten oer harren libben en de ferbouwing.



It nije hûs op nûmer 39

Wêr en wannear binne jim berne en opgroeid?

Inge: 'Ik bin yn it sikehûs yn Ljouwert berne en opgroeid yn Aldegea (Smellingerlân) mei 2 jongere sussen. Doe't ik in jier as 4 wie, binne we dêr op in pleats kaam te wenjen, mei alle romte om te boartsjen. Ús heit wie gjin boer, mar plysje.

Wy hiene yn Aldegea destiids in lytse iepenbiere skoalle neist in kristlike skoalle en sieten mar mei 3 bern yn groep 8, by in pear bern fan groep 6 en 7. No binne de beide skoallen ien wurden.

Nei de basisskoalle haw ik op it Drachtster Lyceum de HAVO dien en woe graach plysje wurde, mar dat woe ús heit net.'

Boele: 'Ik bin ek yn it sikehûs yn Ljouwert berne, begjin febrewaris yn de sniewinter fan '79 en ha altyd yn Idaerd wenne. Chris van der Wal wie de iennige leeftydsgenoat yn it doarp, mar om 't we yn Reduzum op skoalle sieten, hiene we dêr ús freonen.

Yn it útgeanslibben kamen se elkoar wol tsjin. Inge har heit komt fan Wytgaard en dêr gongen se altyd hinne mei de merke; sa troffen Boele en Inge elkoar wol, mar ek op oare merken en feestjes yn de omkriten. Boele hie al gau in eachje op Inge, mar no't we it der oer ha, tinke se dat it yn 2004 echt 'oanrekke' is. Se hiene beide sa harren uitjes: Boele dronk op freedtejûn alris in pear pilskes yn Qlubb en yn it 'theehok' yn Eagum mei

leeftydsgenoaten en gong er wol nei de Twee Gemeenten yn Jirnsum en it Holt yn Deinum.

Inge har útgeanslibben wie mear rjochting Drachten en nei Quatrebras; dêr koene se út Aldegea moai mei de borrelbus hinne en werom. En se strúnde mei har suskes ferskillende merken ôf. Harren heit brocht en helle harren mei nocht en letter, doe't Inge har rydbewiis hie, ried se sels.

En hoe binne jim yn Idaerd telâne kaam?

Boele: 'Ik hie al langer in each op it hûs, dêr't we earst wenne ha, Friesmawei 35, en al oan de eardere bewenners Arie en Thea Hofstra frege om de earste keap as se it hûs ferkeapje woene. Dat barde ein 2004. Mei help fan maten ha ik dat hûs yn oardel jier hielendal ferboud en grutter makke.'

Inge: 'Omdat ús relaasje doe al oan wie en ik as learkrêft ynfoel op de Trije Doarpen Skoalle yn Reduzum, ha we it lêste healjier foar't it hûs klear wie, by Boele syn heit en mem ynwenne. Dat wie mar twa huzen fierder en we hawwe, doe't it hûs klear wie, ús spul mei de kroade ferhuze.

Ik hie yn dy tiid noch gjin fêst wurk. Yn Reduzum wie in ynfaller nedich en Piter Renia frege oft it ek wat foar my wie.

Neist Reduzum foel ik ek yn Terwispe yn. Nei in skoftke bin ik as fêste learkrêft op de TDS kommen. Op skoalle bin ik dan ek 'juf' en thús Inge. Ik ha ús eigen bern net yn 'e klasse hân.'

Boele en Inge hawwe 2 bern: Jelle en Femke. Jelle is 13 en komt yn 'e twadde klasse fan Aeres yn Ljouwert. Hy is hiel handich, docht in protte dingen sels. Al 5 jier is er yn 't wykein en yn 'e fakânsjes by Lolke Jilles Kleefstra op 'e pleats oan't wurk; helpt bygelyks mei't kuilen. Femke sit yn groep 8, mei graach nifelje en moat wat mear útdagingen ha.

Sûnt wannear bisto selsstannich ûndernimmer?

'Yn 2019 bin ik foar mysels begûn. Dêrfoar wie ik, as leanwurker, yn tsjinst by Sjoerd Nauta. Yn 1996 wie ik dêr al as fakânsjekracht oan't wurk en dêr hingjen bleaun. Ik haw ite leanwurk altyd moai fûn,

Op 'e kofje by

mar makke yn 1 jier mear as 1000 oeroeren! Dêrnei ha'k even as technysk man op 'e gersdroegerij yn De Pein wurke, mar no bin ik 'frij' en sels baas. Ik ha myn eigen ark en ha it op't heden drok mei gewaaksbeskerming: mei in trekker of quat mei spuit it lân yn. Soks komt hiel krekt en je binne mei ôfhinklik fan it waar. Ik meitsje hjiryn no myn eigen planning of wurdt frege troch oaren om by te springen.' Boele is lid fan de Sakeclub: 'as stipe foar ús trije doarpen'.

Hast ek minsken yn tsjinst?

'Nee, dat net, mar ik bin wol mei oare ûndernimmers oan't wurk en wurdt wol troch oaren frege om by te springen, bygelyks foar konstruksjewurk (stielkonstruksjes) en yn 'e winter ûnderhâld en reparaasje fan masines by it leanbedriuw, lykas ik ek die by de gersdroegerij. Nei de MAVO yn Grou bin ik nei de Middelbere Lânbouskoalle yn Ljouwert gien en dêr de, doe nije, oplieding ta leanwurker en planteteelt dien.'

Om it ark by hûs te stallen, hiene Boele en Inge wol om harren hinne sjoen nei in plak mei mear romte om hûs en hear en doe't buorfrou Truus ferhuze, kaam it hûs mei in hoeke grûn derachter beskikber. Se hawwe doe fergunning oanfrege foar it bouwen fan in loads achter it hûs; it bestimmingsplan moast dêrfoar oanpast wurde. De bedoeling wie, om earst in loads te bouwen mei in tydlike wenromte deryn en dêrnei it hûs te ferbouwen. Hûs en Hiem tsjinne lykwols protest yn en de fergunning waard net tekend.

Dochs wie it ek wichtich, dat lytse selsstannigen yn it eigen doarp bliuwe kinne. De griene agraryske bestimming krige 'bestemming wonen' en de plannen koene trochset wurde.

Boele en Inge hawwe earst in jier mei de bern yn it âlde hûs wenne en doe sa'n oardel jier yn sjalets achter it hûs en koene oan't ferbouwen. . . .

Hawwe jim it hûs sels ferboud?:

'In arsjitekt hat it hûs en de loads sketst en we ha it hûs gruttendiels sels ferboud, mei help fan ús heit Hoite. Fierder ha we in mitsler ynhierd en hat in freon it elektrysk oanlein. Yn maaie binne we ferhuze. Der moat noch it ien en oar ôfwurke wurde en de tún ynrjochte.

De skuorre achterhûs wurdt ôfbrutsen en dêr komt de nije loads foar yn't plak.'

Wy hawwe, doe't we der yn kamen al in rûnlieding troch it hûs hân, fan de kelder oan't de souder: wat in moai plak is it wurden!

Neist harren drokke wurkseme libben binne Boele en Inge en de bern o, sa belutsen by it sosjale libben yn Idaerd. Boele hat yn it bestjoer fan Pleatslik Belang sitten, biljert mei de 'Dophokstoters' by Jilles Kleefstra op 'e pleats en is yn 'e winter wol oan't kaarten yn it Lokaal.



Boele, Inge, Femke en Jelle

Inge hie al 9 jier yn it bestjoer fan de tonielferiering 'Vriendenkring' sitten en sit der no wer yn en se hat ferskeidene kearen meispile. Ek sit se yn de Bernekommissje en de Frouljusferiering. Dêrneist organisearret se, mei oare Idaerders, Sintekerst: yn desimber ite se mei alle Idaerders yn it Lokaal.

Poeh! Hast noch tiid foar hobby's, Inge?

'Ja, ik mei graach rinne, steppe en doch oan B-kick. En we hawwe in grientetún mei 8 bêden en in kas mei û.o. tomaten en wettermeloen en dêr't ik grienten yn foarsiedzje.

Ik hie al boerekoalplantsjes yn 'e tún, mar dy binne ôffretten troch . . . hazzen?

Sels ha we 2 Flaamske reuzen, 2 lytse kninen, 7 hinnen en in kat.'

Boele en Inge en de bern hawwe yn Idaerd harren plakje fûn en prachtich ynrjochte, mei alle romte om hûs en hear!

Geesje Oosterloo en Jantsje Kalsbeek

In pear hûndert fjouwerkante meter Eagumer grûn | Kollum Edward Jorna

Op it hiem fan it earste hûs links fan de kant fan Wergea ôf, is Minne van der Sluis (75) dwaande om de aluminium beugels út te mjitten dêr't ynkoarten fjirtjin sinnepanielen op komme te lizzen. Yn 2006 kamen hy en de frou hjir te wenjen. In hiel o-heden hie de ferhuzing nei it nijbouhûs net west. De 58 jier dêrfoar wenne hy op de pleats oare kant dyk.

Eagum. Der binne minsken dy't úthâlde dat it doarp presys yn it each fan de provinsje leit. Dat binne net de minsken dy't it mjitlint der by hân hawwe. Sels ferwize de 35 Eagumers op dit stik fan saken graach nei in âld Frysk rymke. *Eagum leit mids yn 'e wrâld, trije hoannestappen fan de toer dêr is it middelpuntsje, en dy't it net leauwe wol, kin 't neitrêdzje.*

Alle oeren fan de dei hat Minne van der Sluis útsicht op it plak dêr't er sels jierrenlang buorke hat en dêr't syn soan it no foar it sizzen hat. Der binne âld-boeren dy't der net geskikt foar binne om sa ticht by it spul te wenjen. Minne van der Sluis begrypt dat wol. Sels hat er, sadree't dat koe, ôfstân nommen. Ja, dat moatte je wol kinne.

Doe't er folle jonger wie, hie er wolris nei Amearika west. En nei Frankryk. Sjen hoe't se dêr buorkje. Oft it ek wat foar him wie. Miskien wol. Mar it bleau Eagum. Hy hat der gjin spyt fan. Der sille fêst moaiere plakjes wêze op dizze wrâld, mar hjir - tichteby de pake- en beppesizzers - is syn thúshús.

As je fan drokte hâlde, kinne je better in pear halten fierder oanhâlde. Dat hat yn Eagum wolris oars west. Hy sil der neat fan sizze, mar doe't de froulju noch net allegear bûtendoarren wurken wie der op it doarp in stik mear libben. Tiden hawwe tiden fansels. Mar lykwols is it moai dat krekt fierderop yn in nijbouhûs in stel mei in jong bern te wenjen komt.

Eagum. Der binne minsken dy't der dea net lizze wolle soene. Oaren krekt wol. Nim no Hylke Abe van Slooten, in Hollanner mei Fryske woartels. Doe't bliek dat er ernstich siik wie, sa siik dat er net âlder wurde soe as tritich jier, krige er it yn de plasse om nei pake Herman(us) ta op it hôf fan Eagum.



No groeit der al goed fiif jier in út Hylke's jiske wei opkweekte libbensbeam. Om't sa'n beam op in hôf fansels net past, stiet er oan de oare kant fan 'e dyk. Om de beam hinne sirkelet in Ingelske tekst fan in ûnbekinde dichter. The flowers talk, yet do not need an answer. The grasses sigh, and yet they are not sad. The leaves are rustling, one against the other, to tell of all the lovely days we've had. Hylke hat de tekst sels werombrocht nei trije wurden: Vier het leven.

Wilens is Minne van Sluis klear mei it útmjitten fan de beugels foar de sinnepanielen. Hikke, tein, stoarn en begroeven yn Eagum. Dêr sil it wol op delkomme, sa seit er. Om it libben te fieren hawwe je soms net mear as in pear hûndert kante meter Eagumer grûn nedich.

Edward Jorna is sjoernalist by it Friesch Dagblad en grut wurden yn Wytgaard. Hy hâldt fan Fryslân



SjdB

GEVEL- EN
DAKBEPLATING
PIR ISOLATIE



- | | |
|---------------------------------------|-------------------------|
| ✓ Geïsoleerde dak en gevel beplating | ✓ Bevestigingsmateriaal |
| ✓ Ongeïsoleerde dak en gevelbeplating | ✓ Zetwerk |
| ✓ Isolatie voor dak, wand & vloer | ✓ Dakgoten |



Merke yn Reduzum

ROARING TWENTIES IN REDUZUM, merkeprogramma in het kort

Vrijdag 1 september

18.00 uur - De merke wordt feestelijk geopend met patat voor de kinderen.

18.30 uur - Ringrijden! Ruiters gaan met paard en wagen door de Headstrjitte om zoveel mogelijk ringen aan een stok te krijgen. De kinderen kunnen een rondje maken op hobbelpaardjes en ze kunnen worden geschminkt.

20.00 uur - Buiten is er live muziek van Highway 54.

22.30 uur - Genieten van Fly on the Wall in Café bar de Welp.

Zaterdag 2 september

10.00 tot 11.00 uur - Er is een prikkelarm uurtje bij de kermisattracties! Een uurtje om te genieten van de merke, zonder de luide muziek.

11.00 uur - Op de boppeseal van Café bar de Welp wordt er een gezellige bingo voor de kinderen georganiseerd door Qlubbred. Deze is voor kinderen tot en met 15 jaar. De kleintjes kunnen ook meedoen en mogen natuurlijk een ouder meenemen.

13.00 uur - Kaatsen met zachte bal op het sportveld in Reduzum!

19.30 uur - We gaan terug naar de jaren 20 met een heuse gokavond. Zo kan er worden gegokt op paardenraces en is er een wedstrijd zaklopen om aan mee te doen! Aansluitend is er live muziek van Bamm Bamm en Stars like Us.

Zondag 3 september

10.00 uur - Het vaste onderdeel, de eersteklas kaatspartij op het sportveld in Reduzum, is er ook dit jaar natuurlijk weer.

10.00 uur tot 11.00 uur - Net als zaterdag is er een uurtje kermis zonder prikkels.

11.00 uur - Een speurtocht door het dorp, die begint bij de kinderzweef. Verzamel jij alle letters? Antwoorden kunnen worden ingeleverd tot 14.00 uur. Let op: Neem je telefoon mee, die heb je nodig voor het vinden van de route!

15.00 uur tot 18.00 uur - Stijldansen in de tuin bij familie Stapensea! Koffie en thee met wat lekkers en plaatjes uit de jaren 50 en 60 staan voor jullie klaar.



16.00 uur - Klein matinee in Café bar de Welp met muziek van Jukebox.

21.00 uur - Op de boppeseal van Café bar de Welp is er muziek van The Partyrockers.

Maandag 4 september

10.00 uur - Natuurlijk is het maandagochtend tijd voor het matinee! Kom verkleed en geniet van muziek van Van geeft 'm!

16.00 uur - Na het matinee kun je even kort bijkomen en daarna sluiten we de merke gezellig af in Café bar de Welp met een dj.

20.00 uur - Voor de liefhebbers is het merkeweekend dan nog niet afgelopen. Daarom komt Sipelsjeu uit Leeuwarden maandagavond ouderwetse liedjes zingen in de kerk.

Idaerd

Doarps-bbq yn Idaerd op 8 july 2023

De tinte is moarns opsetten mei in pear sterke mannen bij it Lokaal. Allinnich it dak fan de tinte wie genôch, foaral fanwege it skaad wie it noflik. De waarsomstannichheden wienen prima, wol 30 graden oerdei en jûns noch 25 graden, Piet Paulusma soe wol sein ha: BBQ-waar in 10 !!!



De opkomst wie ek geweldich, sa 'n 60 persoanen koenen dis kear wer gesellich bij prate nei 3 jier gjin doarps-bbq haw' n te ha fanwege it corona firus en foarig jier in stjergefal.

Sa kamen der ek âld doarpsgenoaten op au, út Wergea en Warten hielendal op de fyts! Krekt as oare jierren om de beurt per 2 persoanen bij de bakplaat en achter de bar, mei foar elk wat wils: fleis, salades en in fruit bowl fersoarge troch slachterij Harmke út Wergea en de behearders fan it Lokaal.

We kinne werom sjen op in tige slagge jûn!

Anneke Nijdam

DE BIJPRAATTAFEL



**op vrijdag 29 september
van 16.30 tot 19.00 uur in het café**

Jelly en Rinie

Toaniel ROTO

Ek dit jier komt toanielferienting ROTO mei in nij stik op de planken. Liket it dy aardich om toaniel te spyljen? Dan binne se op syk nei dy! Stjoer in berjochtsje op nei 0612091039 of in mail nei toanielroto@hotmail.com

Jeugdfonds Sport en Cultuur Fryslân

Heb je niet genoeg geld om je kind lid te laten worden van een sport- of cultuurclub? Het Jeugdfonds Sport en Cultuur Fryslân maak het mogelijk dat je kind toch mee kan doen! Wij betalen de club en eventuele benodigdheden zoals sportkleding of dansschoenen.

Heb je nog iets anders nodig zoals een verjaardags-box of schoolspullen? Doe dan een aanvraag via Sam&

(www.samenvoorallekinderen.nl/ouders)

Ben jij een professional betrokken bij een gezin? Bijvoorbeeld als leerkracht, gebiedsteamwerker, buurtcoach, huisarts of schuldhulpverlener? Meld je dan aan als intermediair en doe een aanvraag.

(www.allekinderendoenmee.nl)

Vermillion

Op dinsdag 11 juli is Doarpsbelang Reduzum bijgepraat door Sybrich Wiersma en Anne Marinus van Vermillion. We waren te gast bij Doarpsbelang Idaerd. DB Friens was niet aanwezig.

De boodschap van Vermillion was dat er eind augustus gestart wordt met de herstel werkzaamheden aan de buizen van Boazum-Raerd-Grou. Dit houdt niet meteen in dat er dan ook weer gas wordt gewonnen, maar het zou zo maar kunnen...

Op de website van Vermillion is veel informatie te vinden over gaswinning van kleine velden, onder andere 'veel gestelde vragen'. Sybrich en Anne zijn ook altijd bereid vragen te beantwoorden. Hun gegevens zijn bekend bij DB.

Er werd nog eens gewezen op het Omgevingsfonds van Vermillion. Stichtingen en verenigingen kunnen aanspraak maken op geld, mits hun projecten voldoen aan de voorwaarden. Dat kunnen projecten zijn op het gebied van energietransitie en biodiversiteit. (bron DB Reduzum)

Met alleen een ja-sticker krijgt u nog reclamefolders

De regels voor het verspreiden van drukwerk verandert. Vanaf 1 oktober krijgt u alleen nog reclaimedrukwerk met een ja sticker op de brievenbus. De gemeente denkt hiermee zo'n

500.000 kilo oud papier te besparen. Deze regel geldt niet voor huis-aan-huis bladen en drukwerk van niet commerciële organisaties zoals de Linepraat / Merke / Kaatsblad of informatie over werkzaamheden in de buurt. Wie nog papieren folders wil hebben moet dit vanaf 1 oktober aangeven met de Ja sticker op de brievenbus. De sticker is vanaf 1 september te verkrijgen bij de gemeente en wordt ook aangeleverd bij het folderpakket. Hopelijk krijgen de folderbezorgers en de verenigingen die oud papier ophalen wel een vergoeding van de Gemeente voor het verlies van inkomsten.

Nieuwe subsidieregeling voor woningen met laag energielabel

Om woningen met een laag energielabel zoveel mogelijk te verduurzamen is er met ingang van 19 juli 2023 een nieuwe energieregeling beschikbaar. Deze subsidie 'Energiebesparende woningmaatregelen' kan door woningeigenaren in de gemeente Leeuwarden gebruikt worden voor verschillende energiebesparende maatregelen en is maximaal 2500 euro.

De subsidieregeling is te combineren met andere subsidie- en financieringsregelingen voor de verduurzaming van de woning.

De subsidie is bedoeld voor woningen met een energielabel D tot en met G. De subsidie kan gebruikt worden voor onder andere vloer-, dak- of gevelisolatie en het plaatsen van isolerend glas (HR++). Ook doe-het-zelvers kunnen subsidie aanvragen. In totaal is er 832.500 euro beschikbaar binnen deze subsidieregeling. Inwoners kunnen voor informatie en advies over subsidie en het verduurzamen van hun woning, terecht bij het Energieloket van gemeente Leeuwarden via energieloketleeuwarden.nl. Hier kan bijvoorbeeld ook een Energiecoach aangevraagd worden.

Over de subsidie woningmaatregelen

De nieuwe subsidie is:

- Aan te vragen tot 1 juli 2024.
- Voor woningen met energielabel D,E,F of G
- Maximaal 2500 euro per aanvraag/woning.
- Voor woningen met een maximale WOZ-waarde van 268.000 euro.
- Het (verzamel)inkomen van de aanvrager/bewoner (+evt. partner), mag maximaal 48.625 euro bruto per jaar zijn.

Meer informatie over de subsidie 'woningmaatregelen' en over de precieze voorwaarden leest u op: www.leeuwarden.nl/subsidies (zoek op: energiebesparende woningmaatregelen)

WWW.KLEISTUDIO.NL



REDUZUM
MARGRIET KRIJGSHELD

Haedstrjitte 13
9008SM REDUZUM
06 53309122

* HANDGEMAAKT KERAMIEK * SERVIES *
* MOKKEN * UNIEKE CADEAUS * KOPJES *
* STEENGOED * KOMMEN * VAZEN * POTTEN *



Zeven dagen per week een driegangen diner naar keuze. Lekker uit eten in ons restaurant of thuisbezorgd door onze maaltijdservice. Service van Leppenheim, voor iedereen.

gewoon jezelf blijven

Leppenheim...
menschipsintrum

Leppedyk 37, 8491 GJ Alktrum
T (0566) 654 654
I www.leppenheim.nl

Bernedeiferbliuw Bernewrâld



Haedstrjitte 29, Reduzum

info@bernewrâld.nl

www.bernewrâld.nl

06-10099030/0566-602434



Repair Center Friesland

Piet Posthumus

Reparatie van:

- ✓ Telefoon & Fax
- ✓ Audio & Video
- ✓ GSM & DECT

Haven 21

9008 SX Reduzum

Tel: 0566 602158

Fax: 0566 602195

Gsm: 0651 749649

ITBO
UW IT SPECIALIST
ITBO.NL



CONTACT

info@itbo.nl

06-37383735

WEBSITE

www.itbo.nl



Jelte Bokma

TDS

De simmerfakânsje fan de skoalbern is úteinset. As ôfsluting fan it skoaljier wie der in grutte TDS show mei in grut ôfskied fan groep acht en in tal learkrêften. In spesjaal betankje foar master Hans dy't nei hast 25 jier muzykûnderwiis op de TDS jûn te hawwen no mei pensjoen giet.



Eelke Hoekstra, de ynterim-direkteur, joech dizze jûn it stokje oer oan de nije direkteur Johannes Hazenberg

Brûns foar ús manlju op it NK 50+

De Fyftich plus keatsers út Reduzum hawwe op 't NK keatsen foar 50+ yn Hallum de tredde plak helle. Yn de waarmte strieden Willem Fopma, Peter Tolsma en Hans Brinksma, ûnder lieding fan coach Pieter Talsma, oant de heale finales. Hjir giene se ûnderút tsjin de winner fan it NK, Bitgum. In pracht 3e plak foar de mannen.



Fuotballers yn Reduzum

Omdat it fuotbalfjild yn Jirnsum oer de kop leit, traint de seleksje fan it earste v.v.Irnsom no yn Reduzum.

No't se promovearre binne nei de 4e klasse, kin der fansels gjin training oerslein wurde en binne de tariedings foar it kommende fuotbalseizoen yn folle gong. It is op dizze wize foar de measte spilers fan Irnsom 1 dan ek in thúswedstriid.

Iepen Frysk kampioenskip Jeu de Pelote

Moandei 26 juny gong It Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote los. It jeu de pelote is in foarm fan keatsen, dy't yn België en Noard-Frankryk in soad spile wurdt. It is lykas it Fryske keatsen in foarm fan "frije fjild" keatsen. It wurdt 5 tsjin 5 spile. It ferjunge Redúster fiiftal bestiet út Jesper Tolsma, Jehannes Gerben Brinksma, Lars Tijssen, Alfred Postma, André Zijlstra en reserve Peter Tolsma. It team wie troch de ferjonging net bestân tsjin it rûtnearre Frjentsjer en ferlear yn de earste omloop mei 8-1.

Idaerders ûntsnappe!

De âldste jeugd út Idaerd binne nei in escape room west in Snits. It is de jeugd slagge om út de room te ûntsnappen.



Rommelmerk

Foar de rommelmerk wiene in soad frijwilligers yn it spier, en dat op in TOP lokaasje by Sjoerd en Nynke op de Buorren. In kontener fol skilderijen dy't ferhannelde waard, it diggelguod fan beppe, in jonge master dy't staaasje rûn efter de bernewein, boeken en spultsjes, klean, elektrysk ark, boartersguod en alles gie wol 100x troch hannen foar it ferkocht waard foar de TDS en de kuorbalferiening. Mei in prachtige tusken stân fan mear dan € 3000!



Klaas Hijkema

T 06 484 804 49

Ayttawei 24

9008 SL Reduzum

k.hijkema@outlook.com



LANGEBERG
SCHOONMAAKORGANISATIE
www.langeberg.nl



Van der Meulen
Installatietechniek

Reduzum

Martijn van der Meulen

+31 6 131 658 68

www.vandermeuleninstallatie.nl

info@vandermeuleninstallatie.nl



Herstelwerkzaamheden Droge Haven

De Gemeente heft tijdelijke maatregelen getroffen in verband met de verrotte damwand op de Droge Haven. Om de veiligheid te garanderen worden nu herstelwerkzaamheden uitgevoerd. Het is de bewoners van de Haven al tijden een doorn in het oog en er zijn ook al plannen ingeleverd bij de gemeente door een werkgroep van de bewoners en werkgroep Romtlike Saken.



Na de vakantie zal de afdeling Stedenbouw van de gemeente een onderzoek en metingen doen voor herinrichting en renovatie van de Droge Haven.

Muorrekeatsen

Freedtejûn 25 july waard in muorrekeats toernoai hâlden. Der wienen in protte dielnimmers en ta skouwers die jûn, die sponsore waard troch Klaas Hylkema.



De finale waard wûn troch Gerben Brinksma en Ester Elzinga die 't yn' e finale woenen fan Alfred Postma en Bennie van Dijk

Kilometertaks

Nadat het platteland jarenlang is leeg getrokken door de overheid ten voordeel van de Randstad. Is het platteland opnieuw aan de beurt door de plannen van het demissionaire kabinet, namelijk de kilometertaks.

Wij op het platteland gaan dit behoorlijk in onze portemonnee voelen omdat dit kabinet er waarschijnlijk voor kiest om iedereen te belasten met één tarief per gereden kilometer. Dit zal waarschijnlijk 7 of 8 cent per kilometer

zijn. Hierdoor worden de plattelanders onevenredig zwaar belast ten opzichte van de Randstedelingen. Doordat het openbaar vervoer steeds verder wordt afgebouwd heeft het platteland geen alternatief voor grotere afstanden dan de auto. (Voor o.a. woon-werkverkeer / school en het gebruik van voorzieningen zoals ziekenhuis, supermarkt en sporten) Het besluit is nog niet genomen, maar dit voorstel is onacceptabel. Dit gaat de plattelander honderden euro's per jaar kosten en de leefbaarheid zal sterk verslechteren.

Volleybal

Zeventien teams deden mee aan het eerste Terp volleybal toernooi. Er werd gestreden in 2 recreanten poule en 1 poule voor wedstrijd teams. Bij de recreanten werd team



Steunpuntwinnaar en bij de wedstrijdteams de korfballers. Prachtig toernooi op de mooie locatie van de Terp.

Glasvezel

Een tijdlang lag Reduzum op de kop door de aanleg van glasvezel van Delta. Alles is weer dicht en nu meld de tweede exploitant zich aan namelijk Glaspoort (o.a. KPN) en nu gaat het dorp voor een tweede keer over de kop. De firma Klunger is in de Haedstrijtte reeds




gestart met de aanleg.

Klussendienst

Voor de maanden Augustus en September is Anneke Mous contactpersoon voor de klussendienst. Telefoon: 0638922300

Versmarkt



Wy binne der wer: 1 septimber Versmarkt om 14.00 oere

De versmarkt en de winkel fan Ale en Marjan binne iepen oant 17 oere.

Oan it ein fan de fakânsje en oan it begjin fan de merke binne wy der wer mei lekkere koeken, farske bôlen, hearlike winen, sûne grienten en fruit, blommen, lekkere stikjes tsiis en fansels alle produkten út de winkel, op Oan it Swin 9.

Dêrneist komt **Shanika** del mei har hearlike geurkes, en sy hat ek 2 nije geuren dizze kear 😊

Mis ek dizze Versmarkt net, dus net stinne mar hinne! Op de merk stiet kofje en tee foar jim klear!

De Versmarkt is eltse kear op de earste freed fan de moanne, útsein de moanne augustus.

De folgjende datum is 6 oktober (as it waar it talit)

Nijs kinne jim fine yn de LP, op Reduzum.com as op de facebook pagina Versmarkt Reduzum.



Mobiele airco service aan motor- voertuigen

STEK ✓ **Gecertificeerd**

Ook kunt u bij ons terecht voor het
Inbouwen en leveren van:

- Standkachels
- Carkits
- Alarm systemen
- Audio apparatuur
- Navigatie

ATF

Airco Techniek Friesland

Tel. 06 22 97 86 95

Kinderopvang Bernefertier

De kleinschalige kinderopvang voor
kinderen van 0 tot 13 jaar!

- ~ Voorschoolse opvang
- ~ Buitenschoolse opvang
- ~ Dagopvang
- ~ Flexibele opvang

Contact:

Rianne Rodenburg
Haven 15, 9008 SX Reduzum
info@bernefertier.frl
0653319428

Meer aandacht voor het individuele kind

24/7

Dierenarts ben je, 24/7. Dat weet je als je afstudeert. Het hoort bij je leven. Zo ook de weekend-diensten. En eerlijk gezegd, is er niets zo wisselvallig en uitdagend als een weekenddienst. Van een plaskater tot een verlossing van een koe; we komen van alles tegen. Je kan in één weekend huisarts, tandarts, radioloog, laborant, SEH-arts én gynaecoloog zijn!

Regelmatig denken mensen dat wij de hele nacht, of het hele weekend op de praktijk aanwezig zijn. Maar dat is niet zo; als we dienst hebben, zijn we meestal gewoon thuis; met de telefoon op zak.

Vandaag heb ik dienst, het is zaterdagavond. Vandaag begon de dag met een katje, dat een gebroken pootje bleek te hebben. Het was gelukkig een heel gunstige breuk, die met rust helemaal weer zal genezen.

Daarna had ik een minder leuk consult, een oude hond, die aan het eind van zijn Latijn was. Ze is afgelopen week al meerdere keren bij ons op de praktijk geweest.

Het ging echter alleen maar verder achteruit en het baasje wilde een lijdensweg besparen, ze besloot, in overleg met mij, dat het beter was om haar hond in te laten slapen.



Ondertussen werd er gebeld door een veehouder, de bevalling van één van zijn koeien wilde niet vlotten. Bij aankomst bleken er vier pootjes in het geboortekanaal te liggen; er wilden 2 kalfjes tegelijk geboren worden! Na wat hulp werden er gelukkig twee levende kalfjes geboren! Tijd voor een kopje koffie met de veehouder.

's Middags belde een eigenaresse van een paard. Hij had in het volle gras gelopen en had nu koliek. Gelukkig viel de koliek mee, en na toediening van twee injecties met pijnstillers en darmontspanners, werd het paard snel rustiger.

Na het avondeten had ik geen telefoon meer, nu maar lekker naar bed en afwachten of het een rustige nacht blijft vannacht!



Lise Uil

High Tea

Kom op 'e tee by Tiet & Griet! Er zijn nog een paar plekjes vrij!

Lekkere hapjes eten en daarmee een goed doel steunen? It koe minder!

Op 10 september houden wij - Grietje, Titia, Hillie en Jacco - een unieke high tea met diverse zoete en hartige hapjes en live muziek van **Wiltsje fan Peazens**. De opbrengst is voor het Women Empowerment Project van onze eigen Redúster Hilde Bleijswijk. Dit project helpt Nepalese vrouwen via een cursus en micro-krediet financieel 'de fuotten ûnder it gat' te krijgen. Hilde helpt op deze manier jaarlijks zo'n vijftig vrouwen en hun kinderen op weg naar een beter leven. In oktober gaan wij naar Nepal om de opbrengst te overhandigen.

Meld je nog snel aan, want vol = vol. Scan de QR-code op de foto of ga naar <https://www.namastefoundation.nl/high-tea>. Aanmelden kan nog tot 1 september



High tea voor Nepal

Kom op 'e tee by Tiet & Griet!

Op 10 september kun je bij ons genieten van een heerlijke, unieke high tea. We serveren diverse smaken thee (of koffie) en heerlijke hartige en zoete hapjes. Met live muziek van Wiltsje fan Peazens! Kosten: 25 euro p.p. De opbrengst van deze middag gaat volledig naar het Women Empowerment Project van de Namasté Foundation.

Dit wil je toch niet missen?
Ga naar [namastefoundation.nl/high-tea](https://www.namastefoundation.nl/high-tea) of scan de QR-code. Aanmelden kan **tot 1 september maar let op: vol = vol!**

Met draaiend rad en live muziek van

Wiltsje fan Peazens!

**Zondag
10 september
15.00 - 17.00 uur
Ayttawei 22
Reduzum**

**Grietje Bergsma
Titia Tilma
Hillie Bergsma
Jacco Velkers**

SCAN ME

Idaerd • 06 - 20 62 55 31

BOELE DE VRIES

DIENSTVERLENING

Gewasbescherming • Onderhoud • Reparatie • Constructiewerk

Viswedstrijd "Yamaha pro fishing cup"

Begin Juli was de jaarlijkse viswedstrijd georganiseerd door Roofmeister een online platform voor roofvissers. Aan deze wedstrijd deden 140 roofvissers uit heel Nederland mee.

Het doel van de viswedstrijd was om van de roofvissen die in de Nederlandse wateren zwemmen de 3 grootste door te geven aan het Roofmeister-bestuur, die de tussenstanden bij hielden. Dit d.m.v. een foto met vis en een unieke code. We mochten vissen op Snoekbaars, Baars, Roofblei, Winde, Zeebaars en Meerval door heel Nederland. Aangezien er in de Friese wateren niet veel roofblei, zeebaars, meerval en winde zwemt, richtten wij ons meer op onze favoriete soorten de Snoekbaars en de Baars. (Snoek was dit jaar uitgesloten i.v.m. te hoge watertemperatuur)

We hebben ons de eerste dag gericht op Terherne. Acht uur was de start en zijn wij begonnen bij het van Prinses margriet kanaal bij de sluizen in Terherne. Aardig wind en miezerige regen. Na een uur nog niet veel actie dan maar verkassen. In het kanaal richting Heerenveen vingen we onze eerste snoekbaars een mooie 60-tiger. Na goed keuring van het bestuur de vis weer laten zwemmen en op zoek naar de volgende vis.

Rond een uur of elf maar weer naar het "Van Harinxma kanaal", na een paar missers kreeg ik een flinke dreun op de verticaalhengel. Ik zei tegen Age: "Dit kon wel eens een Snoek zijn", maar de vis bleef aardig op de bodem stuiteren en dat is wel vaak een teken dat het een snoekbaars is. Na een flinke dril kwam het Kasteel boven, een hufter van een Snoekbaars. Nadat we hem met het schepnet in de boot hadden, zijn we eerst maar eens gaan meten. Wauw één van 92cm dat is voor een snoekbaars echt groot. Na de verplichtingen en de foto voor het bestuur de vis weer met zorg terug gezet. In de middag vielen de aanbeten een beetje terug en hebben we uiteindelijk 5 Snoekbaarsen kunnen vangen.



De Tweede dag hebben we ons meer op Grou gericht, er moest Baars gevangen worden, grote Baars. Na een wat moeizame start, dit mede door het MILF Festival van de avond ervoor 😊, eerst maar wat bruggen afgevist en na een klein uur een mooie baars van 26cm kunnen landen, na dat we verkast waren richting Earnewâld, waar we een beetje uit de wind kwamen te liggen met de boot vingen we in een kort tijdsbestek een paar mooie snoeken en een aantal dikke baarsen, waarvan de grootste 36cm was. Deze dag uiteindelijk 14 vissen kunnen vangen en om 4 uur was de wedstrijd afgelopen. Twee Prachtige mooie visdagen gehad, en een leuke ervaring. uiteindelijk als 21^{ste} geëindigd. Maar de prijs voor grootste Snoekbaars hebben we wel in de wacht gesleept met als prijs een leuke waardebon! Super geregeld door de organisatie van Roofmeister.

Age Tjalma en Taco Velstra

CHALET VERHUUR IN ITALIE

Camping International in Porlezza aan het Luganomeer

Wij, Rudi & Sita Fennema uit Friens, zijn in het bezit van 5 chalets op bovengenoemde camping.

Wij verhuren deze chalets van april tot en met oktober.

De chalets zijn geschikt tot en met 6 personen. Naast de chalets is een parkeerplaats voor uw auto.

Op de camping is een zwembad met glijbanen waarvan u gratis gebruik kunt maken, geopend van juni tot half september. Er is een speeltuintje met speeltoestellen, trampolines en een voetbalveldje. Tevens is er een (kinder) disco.

Op de camping is een pizzeria waar u heerlijk kunt eten voor een betaalbare prijs. Tevens is er een klein winkeltje en een ijssalon.

Onze chalets zijn gelegen op een mooi rustig gedeelte van de camping, zo'n 3 a 4 minuten lopen naar het schitterende Luganomeer. Het meer loopt langzaam af waardoor het ideaal is voor kinderen om te spelen en te zwemmen.

Langs een beekje naast de camping is een mooie wandel- en fietsroute naar het dorp Porlezza, te voet ongeveer een kwartiertje.

In Porlezza zijn winkeltjes en restaurantjes aanwezig en een supermarkt die 24 uur per dag is geopend.

Voor verdere informatie kunt u een kijkje nemen op onze website chaletverhuurfennema.nl of bellen/mailen naar Rudi & Sita Fennema

Tel. 06-22503834 of 06-50697471 Mail: info@chaletverhuurfennema.nl



Wij wensen u alvast een hele fijne vakantie toe!!

Fryske toppers

Doe't ik yn juny 1991 begûn as freelance sportferslachjouwer (fan febrewaris 1997 ôf yn fêste tsjinst) by Omrop Fryslân koe ik sizze dat ik fan myn hobby myn wurk makke hie. Sels sporte is fansels it moaiste, mar de jonge jierren leine doe al efter my. Yn dy rom 27 jier bouwe je in protte op. Ut it wurk (2019) broazelet dat fansels ek wer ôf, mar de sport folgje ik noch altyd. En as je dan ek noch in pracht sportsimmer ha, dan hearst my net kleien. Ik sil it hjir net ha oer wrâldkampioen Mathieu van der Poel (geweldig), de Ronde fan Frankryk (Jonas Vingegaard, ek machtich) of Max Verstappen (kin goed ride, mar hat ek de bêste bolide). Ek net oer it skûtsjesilen, it fierljeppen en de WK's hurdfytsen, atletyk of frouljusfuotbal of de Nederlânske fuotbalkompetysje dy't wer los is.

Ik bliuw yn Fryslân, yn it no en yn it ferline. Sa wie ik der op snein 23 july fan dit jier by doe't keatser Taeke Triemstra fan Sint-Jabik it earste plak oernaam yn it ivich keatsklassemint. Op de Rengersdei fan LKC Sonnenborgh yn Louwert ferlear er mei syn maten Gert-Anne van der Bos en Erwin Zijlstra de finale, mar de twa punten dy't Taeke byskriuwe koe wiene genôch om Piet Jetze Faber (885 punten) foarby te gean. In útsûnderlik grutte en moaie prestaasje!

Ik ha de hiele keatskarriêre fan Taeke (hy is no 40) meimakke. Yn syn sport in ikoan, in stilist, in foarbyld, in fenomeen. Fansels waard er yn it sintsje setten mei moaie wurden, blommen en in plakette. Spitich dat it waar net meiwurke, it wie in skiere dei mei sa no en dan wat storein. En storein makket ek wiet. "Is Taeke no ek de bêste keatser ea?", wurdt der dan frege. Dat kin nimmen sizze, tiden ha tiden en je kinne gjin apels mei parren fergelykje. Taeke hat it measte súkses hân en is fansels in geweldige topkeatser.

In topprestaasje helle hy net op woansdei 2 augustus mei de 'heechmis' fan it keatsen yn Frjentsjer. Sa moai lotte op de 170ste PC en dan yn de earste omloop mei alles oan 'e hang op in byfjild in skras op 'e list krije. Taeke hat op syn 23ste PC net iens op it Sjûkelân west en nea it PC-gefoel hân. It kin de master misse. Yn it PC-klassemint bliuwt er op it tredde plak stean (krekt achter Hotze Schuil en Piet Jetze Faber). Der is noch kâns op it earste plak omdat Taeke noch in seizoen oan syn lange keatskarriêre fêstknopet. Prachtich!

Jierren lyn kaam ik troch it wurk Gerrit Dijkstra fan Drachten tsjin. Gerrit die mei oan de Frysman

triatlon yn Gaasterlân by it Reaklif. Gerrit wie yn syn jonge jierren in talintfol reedridder en hurdfytser. Mar syn wrâld stie folslein op 'e kop doe't hy by in trainingsrit yn 2004 oanriden waard troch in grutte trekker mei oanhinger. Hy wie doe noch mar 19 jier. It seach der beroerd út. Fan boppen nei ûnderen: dwerslaesy yn 'e nekke, boarstbonke brutsen, alle ribben ek. Fierder wiene syn longen perforearre, nei 28 gatsjes binne se ophâlden mei tellen. Fierder noch in dwerslaesy healwei de rêch en ien ûnderyn. Alles tusken nekke en skambonke wie oan gruzeleminten.

Op nivo sporte soe no wol foarby wêze, mar dêr tocht Gerrit oars oer. Hy koe syn beide skonken net mear brûke, mar syn hannen en earms wol. In lange refalidaasje folge en dan is hy yn 2017 klear foar in hiele triatlon: 3,8 km swimme yn 'e Iselmar, 180 km fytse mei in 'handbike' en in maraton (42 km en 195 meter) rôlje mei de 'wheeler' (in sportrolstoel). Yn goed 13 oeren folbringt Gerrit syn earste triatlon, in jier letter docht er it yn 12 oeren en 57 minuten. Oare útdagingen mei syn 'handbike' wiene meardere kearen de fytsalvestêdetocht, it beklimmen fan de Alpe d'Huez en it NK para-triatlon. Foar dit stikje ha ik noch kontakt mei Gerrit hân. Hy is no 40 jier en noch altyd warber. Hy sil noch de Alvestêdetocht kanoje en docht ynkoarten mei oan de Gelreman, in hiele triatlon yn Elst (gemeente Overbetuwe).

Stefan van der Pal is ek sa'n bikkel. Hy is fansels hiel bekend wurden fan syn triatlon oan Alvestêdetochten yn july 2022: swimme, fytse en drave. Hy swom 108 oeren, siet 7 oeren op de racefyts en hie 32 oeren wurk om de 200 kilometer te draven. Yn it lêst wie it gjin draven mear, it wie oerlibje en sukkelje en stroffelje. Mar wat in prestaasje yn dy waarmte! Stefan stie bekend as tri-atleet. De Frysman, earder yn dit stikje al neamd, hat er in pear kear wûn en hy die ek mei oan de grutte triatlon fan Almere. Foar de grutste útdaging fan july 2022 hat er alles oan 'e kant setten. It wie traine, traine en traine.

Doe't Maarten van der Weijden dit jier itselde die, snijde de prestaasje fan Stefan wat ûnder. Maarten en syn minsken hiene it grut oanpakt en doe wist 'Hilversum' Fryslân wol te finen. Mar alle prestaasjes yn dit stikje binne fansels útsûnderlik en Stefan hie wol de primeur!

Koos Wieling

Klear foar de takomst!

- Dealer van: Abarth, Citroën, Fiat, Fiat Professional, Jeep, Opel, Peugeot en Suzuki
- Erkend reparateur van: Alfa Romeo & DS
- Eurorepar Car Service
- Duurzame zakelijke mobiliteitsoplossingen

Haaima Hylkema voor iedereen

HAAIMA HYLKEMA BURGUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Mr. W.M. O. v. Veenweg 34. 9251 GA Burgum - T: 0511 46 98 22

HAAIMA HYLKEMA DOKKUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Rondweg-West 160. 9101 BG Dokkum - T: 0519 292 303

DRACHTEN | OPEL

De Knobben 25. 9202 XH Drachten - T: 0512 51 44 55

DRACHTEN | PEUGEOT

Servicepunt Citroën Fiat Jeep Opel Peugeot
De Bolder 83. 9206 AP Drachten - T: 0512 54 56 00

EMMELOORD | CITROËN PEUGEOT

Traktieweg 20. 8304 BA Emmeloord - T: 0527 61 36 35

EMMELOORD | OPEL

Servicepunt Fiat Fiat Professional Jeep Opel
Produktieweg 12. 8304 AV Emmeloord - T: 0527 69 81 31

LEEUWARDEN | CITROËN PEUGEOT

Coronaweg 2. 8938 CA Leeuwarden - T: 058 288 20 18

LEEUWARDEN | FIAT JEEP OPEL

Leo Twijnstrastraat 2. 8923 EL Leeuwarden - T: 058 266 62 55

HEERENVEEN | ABARTH CITROËN FIAT FIAT PROFESSIONAL JEEP

Servicepunt Alfa Romeo Citroën DS Opel Fiat Jeep
Skrynmakker 20. 8447 GH Heerenveen - T: 0513 610 022
Alfa Romeo en DS aftersales

HEERENVEEN | FIAT PROFESSIONAL OPEL

Bedrijfswagens Fiat Professional Citroën Opel Peugeot
Kattebos 162. 8446 DB Heerenveen - T: 0513 62 21 00

HEERENVEEN | PEUGEOT

Beurtschip 35. 8447 CL Heerenveen - T: 0513 62 27 44

FRANEKER | OPEL

Edisonstraat 1. 8801 PN Franeker - T: 0517 39 56 65

FRANEKER | PEUGEOT SUZUKI

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
James Wattstraat 4. 8801 PK Franeker - T: 0517 39 76 00

SNEEK | OPEL

Edisonstraat 1. 8606 JH Sneek - T: 0515 42 20 55

SNEEK | PEUGEOT

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
Kolenbranderstraat 9. 8601 VC Sneek - T: 0515 54 81 11

WURDUM | BEDRIJFSWAGENCENTRUM

CITROËN FIAT PROFESSIONAL OPEL PEUGEOT
Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Werpsterdijk 1. 9088 BZ Wurdum - T: 058 255 13 02



De Vincentius tsjerke

Woansdei 19 july hat groep 7 tidens GVO tiid op besite west yn de Vincentius tsjerke. Siep van Lingen hjitte ús fan herte wolkom en we songen in ferske dat we leard ha dit jier. Sa begjinne meastal de GVO (godstsjinst) les en yn tsjerke klinkt it ekstra moai.

Siep fertelde ús oer de tsjerkeskiednis en wat der yn de tsjerke dien wurdt, werom en wêrfoar at minsken nei tsjerke gean. Mei syn âlen kamen we út op: sjonge, bidde, ferhalen út de Bibel belústerje, dope, trouwe en begraffenis en jild ophelje, want sa'n tsjerke kostet jild en der wurdt ek jild ophelle foar goeie doelen.

Doe wie it tiid foar sirkwy- aktiviteiten. Yn groepkes fan fjouwer bern waard

- de toer beklommen û.l.f. Siep
- by oargelist Lieuwe sjoen, dy't spile en oer it oargel fertelde
- 'row your boat' op klank staven oefene yn it keukentsje
- foto's besjoen en fergelike mei wat yn de Vincentius tsjerke stiet. Se moasten dat attribút dan in namme jaan, ek at gjin idee hienen, dan sels mar in wurd betinke.

It toer beklommen wie fansels it spannendst, net elk bern doarst dat oan, mar de bern dy't boppe west hienen, wienen grutsk op harren sels en fûnen it de muoite wurdich. It oargel is in machtich ynstrumint om fan ûnder de yndruk te reitsjen. De briefkes mei de wurden dy't de groepkes betocht hienen ha ik hjirûnder in rjochje fan makke. Sels genietsje ik altyd fan dy moaie betochte wurden foar spesifike attributen yn tsjerke, derom diel ik it hjirûnder.

Tank oan Siep van Lingen en Lieuwe foar de gastfrijheid en ik kom fêst wer mei in groep op besite.

Sybrig Bethlehem-Martens,
GVO-leerkracht De Trijedoarpen-skoalle, Reduzum



Preekstoel: dominee- bed, praatkroon, spreekkroon, voorleeshoek
Liggende grafstenen: mooie stenen, stenen op de grond, grafsteen van rijke mensen, grafsteen
Doopvont: doopbak (2x), schaak(stuk), doopding
Collecte zak: donatiezak, geldzak (2x), geldstok
Bijbel: Bijbel (3x), kerkboek
Avondmaalsgerei: wijnglazen, kandelaar, servies, broodservies
Liedborden: muziekbord, boekenkast, namenbord.
Toren: punt dak met windwijzer, (oude) kerktoeren (3x)
Orgel: Orgel (4x)
Paaskaars: Paaskaars (2x), kaars, levenskaars
Kerkklok: klok (2x), kerkbel (2x)



Puzzle

Woordzoeker Merke 2023

M	R	E	H	C	S	T	O	O	R	G	T	H	E	A	L	E	H	I	N
A	I	K	O	F	F	I	E	D	R	I	N	K	E	N	H	A	N	E	A
T	N	S	I	E	C	A	R	R	Z	W	E	E	F	E	V	T	S	F	D
I	G	L	A	N	R	M	E	R	R	I	E	R	O	E	E	N	V	S	O
N	S	U	A	L	D	R	T	A	T	A	P	K	N	K	A	A	E	L	R
E	T	P	R	I	G	E	N	O	T	O	S	S	E	D	L	F	I	N	S
E	E	S	K	A	T	E	R	G	L	P	L	N	T	P	T	E	E	H	T
W	K	N	N	N	E	N	T	S	U	I	L	Z	B	E	B	O	P	P	E
E	E	E	E	R	E	I	B	L	P	I	J	W	E	B	O	O	I	M	A
L	N	K	O	A	E	A	T	S	S	E	S	A	L	S	E	K	R	E	M
L	T	S	R	A	N	S	R	T	E	S	L	C	O	U	R	E	U	R	K
O	E	U	E	D	J	S	A	T	E	P	O	L	O	S	H	I	R	T	E
H	K	T	J	E	E	D	S	N	A	C	K	T	E	N	T	T	K	M	A
E	O	E	U	S	H	O	T	R	Z	B	A	L	U	T	T	E	C	U	T
N	R	F	E	E	S	T	T	H	C	O	T	P	O	O	J	A	A	N	S
I	K	E	A	T	S	I	J	M	D	R	A	A	I	M	O	L	E	N	T
P	R	I	K	K	E	L	V	R	I	J	E	M	O	R	G	E	N	S	T

Grootscherm	Sate	Snacktent	Coureur	Bier	Max
Snack	Keats	Merke	Ite	Zweef	Nadorst
Haven	Tuskenspul	Healehin	Kerk	Ringsteken	Afval
Thee	Pineholle	Draaimolen	Intekenlijst	Dansen	Soep
Contant	Matinee	Boppe	Spultsje	Poloshirt	Boer
Bal	Zweet	Kater	Koffiedrinken	Seftebalpartij	Polsbandje
Daarna	Patat	Oliebol	Pils	Genot	Munt
IJsco	Bessen	Merrie	Keatsen	Kroket	Kinderspelletjes
Shot	Feest	Optocht	Goot	Rug	Prikkelvrijemorgen
Race	Glas	Jeroen	Bier		

Oplossing:

--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--

